



**MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE op grûn fan kêst 38 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS/ Deputearre	Poepjes  Ûnderwerp: <b>Utfiering breedbân plannen</b>
	De útfiering fan de plannen om breedbân út te rôljen oer hiel Fryslân is mei faasje begûn en dat fynt de FNP in prima saak. Tal fan projekten op lokale/regionale skaal binne al los en de skeppe, faak in graafmasine trouwens, is yn de grûn. De FNP stiet noch folslein achter de beslútfoarming mar hat no in oantal sinjalen krigen oer de útfiering. Hjir en dêr soe in oantal knipepunten wêze. Neffens de FNP-fraksje soenen dy oplost wurde kinne troch de ynboude 'fleksibiliteit' dy't de Steaten oan it Kolleezje jûn hawwe om projekten te fasilitearjen ek werklik tapast wurde.
Fraach / fragen	1. Wat binne de earste sinjalen mei it opsetten fan breedbân yn de wite gebieten troch inisjatyfnimmers út de mienskip? Hat it Kolleezje ek oanwizings dat der beskate knipepunten binne?
	2. Hat it Kolleezje kundskip nommen fan in inisjatyf by Wytgaard en de saken dêr't se dêr tsjinoan rinne as it giet oer de betingsten foar de bydrage (subsydzje of liening fan de provinsje)? Hat it Kolleezje ek ferlykbere sinjalen krigen út de rest fan Fryslân?
	3. Hoe giet it Kolleezje (yn gearwurking mei it breedbânloket) om mei de troch de Steaten jûne fleksibiliteit rjochting de projekten fan ûnderen op? Bygelyks dat lienings yn de bûtengebieten heger útfalle kinne as gemiddeld, dat it 'fondsmanagement de fleksibiliteit heeft om per financieringsaanvraag tot de meest optimale omvang en inrichting van het financieringsinstrument te besluiten', dat der situaasjes tinkber binne dat der gjin positive businesscase útrôlet en dat dan in garânsje jûn wurdt. Of dat in soarte fan 'last resort' opsje realisearre wurdt troch de provinsje sels ?
	4. PS hawwe besluten om in oanslútsubsydzje fan € 500 te ferlienen oan de eingebrûkers. Lykwols hawwe wy no sinjalen krigen dat dêr allinnich sprake fan wêze kin as de yndividuele eingebrûker teffens in liening nimt foar it werombeteljen fan de ynvestearring. Kloppet dat wol? Is DS it mei ús iens dat der ek de mooglikheid wêze moat dat inisjatyfnimmers sels de liening of restfinansiering regelje?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	18 febrewaris 2015
-------	--------------------